

Jacobus Q. Smink kriget moarn de Gysbert Japicxpriis foar syn bondel 'Sondelfal'. Werom nei syn bertelplak, „of wat der noch fan oer is.“



Jacobus Quiryn Smink by de pleats dêr't er berne is. FOTO SIMON BLEEKER

# Sondel, of wat der noch fan oer is

JACOB HAAGSMA

**S**a hat Jacobus Quiryn Smink (59) it net bedoeld. Mar it stii Sondelers en âld-Sondelers nuver oankomme as se yn 'Sondelfal' lêze oer Nine Pit, bakker Watze Visser, meester Visser, Linus fan Hessel en Dine, it Swaaiगत, kafee Tuninga. Ast sokke minsken en sokke plakken úttekenje kinst, lêst sa'n gedicht dochts krekt efkes oars.

„Dy anekdoatske gedichten binne miskien net de bêste fan de bondel“, seit er. Mar foar in kuier troch Sondel, mei in âld-doarpsge-noat, is er wol te finen. It is werris wat oars, no. Wy sette de auto earst mar ris by tsjerke del. „Hjir leit myn leave frou“, seit Jacobus, wiend op it tsjerkhôf, „hjr gean ik hinne letter.“ Dêr hiest dan de benzinepomp, wiist er, fan Home Riemersma, de smid. Wy rinne by it eardere winkeltje fan Appie Boomsma lâns, âldomke fan Arie. En sa, oer de Jacobus Boomsmastrjitte (ferneamd nei de pake fan Arie, deasketten yn de oarloch) nei it Swaaiगत, ea in stikje iepen

wetter oan de ein fan de Sondeler Feart. „Dat is ek noch mar in sleat, hin.“ It Swaaiगत sels is al jierren lyn tichtgoaid, en no stiet der in kreas nijbouwykje.

„Of wat der noch fan oer is“. Wy binne noch mar amper ûnderweis, of Jacobus hat dy frase al in kearmannich brûkt. „Dat is in bytsje de teneur. Dat wie dêr, dat wie dêr, en no is it der net mear.“ Dat is yn wêzen de 'Sondelfal'. Mar, dichtet er yn 'Swaaiगत', „Wa't praat hat fan dimpt dy seit mar wat.“

## Foardiel

Want yn in gedicht kin soks, dan kinst dy fersette tsjin sokke ûntjouwings. „It grutte foardiel fan dichtsjen is datst de tiid ek hielendal straklûke kinst. Datst sizze kinst: dat paad is der noch, omdat ik dat wol. Datst it in bytsje ôftwinge kinst. Beswarre.“

It ferline wer oproppe, dat is ek sa'n funksje fan sokke gedichten. „Dy binne ek in aardich skofte ûnderweis“, seit er. „Ropst dyn eigen jeugd wer wat op. En watst dan besikest, is om it te ferbinne mei it no. Datst it nei it no talûkst, in brê-

ge slachst tusken doe en no.“

En hjir, op de hoeke fan it dykje nei it Swaaiगत, wie dan kafee Zeldenrust. Of Tuninga, sa't Sondelers seine, „mar dat hat noait op 'e gevel stien. Dêr hellen wy patatsjes wei.“

„En dêr is it skoaltsje, hin“, seit Jacobus, de School met den Bijbel. Dy is der noch. Meester Visser, út it gedicht 'Psalm oer', wenne derneist, dat hûs stiet no te keap. Dêr wer neist stie de beukerskoalle, en dêrefter wie de terp, ek al lang lyn ôfgroeven. „Dêr glieden wy dan mei sliden by del.“ Hy ropt dy terp wer op yn it gedicht 'Sondelfal': „Mei it hert op 'e terp / Kaam ik op Sondel del / Wylst alles noch bestie.“

Sûnt de patat en de krokken by Tuninga yn it fet gieslen, is der in protte ferdwûn út Sondel. „Ek terjochte“, seit Jacobus. „Mar it is sa spitiich dat der ek in protte fitale dingen ferdwûn binne. Dat is yn al dy doarpen sa. It kafee, is der net mear, de bakker is der net mear, de winkel, der wie ek noch in klompmakker.“

Sa ien kear yn 'e seis wiken reiz-

get Jacobus fan Eindhoven nei Fryslân, foar de redaksjegearkomste fan Ensafh. Dan bliuwt er gau-ris in nacht by syn suster yn Nijemardum, in doarp fierderop. „Nee, it is net sa dat ik elke kear wer nei Sondel gean.“

## Senuweftich

Oan ynterfûs en optredens hat er eins mar in hekel, oars as syn âldere broer Freark, de akteur. „Dy praat in stik makliker, dy fynt it wol moai, al dy oandacht. Wy ha allebeide blauwe eagen, folle mear ha wy net gemien. Nee, ik wurd wakker senuweftich fan sokke dingen. Ik fyn it frij lestich om oer myn eigen wurk te praten. Freark is wat mear nei bûten rjochte, ik wat minder. Dichtsjen is in iensum berop.“

It sosjale aspekt fan it literêre libben, dêr hat er oars wol aardicheid yn. As redaksjelid van Ensafh hat er ek kontakt mei oaren. „Dingen bywenge fyn ik ek wol noflik, ek al is dat wat lestich om't ik yn Eindhoven wenje. As ik mar net te faak sels it poadium ophoeh.“

Wêr't klompmakker Akkerman

ea siet, is de Klompmakersbocht. „Dêr is, hoe hjit er, Mieke har heit út 'e bocht flein. Dat komt ek yn de bondel foar.“ Der binne yn de rin fan 'e jierren wol mear minsken ferûngelokke yn Sondel. Willem, syn jongste broeke, stoar doe't er fjouwer wie, by in auto-ûngelok flak foar hûs. Mar dêr hat Jacobus nea oer dichte. „Ynspiraasje kinst net stjoere. En myn broer Freark hat der doetiids al in sykulus oer skreaun, foar de famylje. Dat de needsaak wie der ek net mear.“

## Famkes

Sondel is by generaasjes skoalbern ferneamd om de bunkers fan Kamp Sondel. Der stiet ek sa'n bunker by Smink op it lân, en dy waard troch Jacobus en syn maten brûkt as in soarte sûpkeat avant la lettre. „Appleknockers Flophouse, neamden wy dat ding. Dêr kamen de fammen ek al gau.‘ Famkes, dat is ek sa'n tema, ek yn 'Sondelfal'. „Ynspiraarre troch myn dochters, en troch de leafde, no. Leafde is de motor fan de poezij, ja.“

Soms wurket er fanút in titel, soms fanút in idee. „Ja, je witte

soms ek net wêr't it hinne sil mei sa'n gedicht, of hoe't it eindigje sil. In gedicht stjoert himsels, it begjint te libjen. Moatst wol kritysk wêze fansels, want soms wol sa'n gedicht te lang troch.“

Tige produktif wurdt er dêr net fan. „Wat skriuwt ik yn in jier, in stik of tsien gedichten gemiddeld? Je kinne it net twinge, ik teminsten net. Ja, soms ha je in muze. Dat kin in frou wêze, of wat oars, de aktualiteit. Mar je kinne de muze net aliten fêsthâlde.“

De foarm oerhearsket net by him. „Dat hoecht net, nee. Ik sykje wol om in wytrigel hjir en dêr, dat it wat asem, en net sa massyf wurdt. Ik soe wat mear lêstekens brûke kinne, teminsten, dat is de krityk wol wat. Sommigen wolle de boel yn ien kear oppakke, wylst ik tink: it is poezij, dat mei wol wat langer meigean.“

Dan komme wy by de pleats dêr't Jacobus berne is, efkes bûten it doarp, de kant fan Nijemardum. Op hy wiist op de stookhutte, it hûske neist de pleats dêr't de famylje simmers sa'n bytsje wenne. Jacobus Q Smink dus, Kobus fan Siemen en Romkje foar de Sonde-

keammerke boppe. Dêr wie it wol te dwaan, mei syn astma. „Dat wie op bepaalde tiden, hjerst en winter, wol lestich. Koest eins net op dy pleats wêze, koest net echt meidwaan. Ik die oars wol mei, hear, skuompoeste foar de hiele klup, de fytsen byhâlde.“ Hy utfanhuze om dy reden ek wol lange skoften by kunde, fierderop yn it doarp, tsjin-oer de bakker. Bakker Watze Visser, by wa't er 'minskbiks' (salmiak) stiel as de bakkersfrou net seach.

## Astma

Syn astma soarge der ek foar dat er as bern oan it lêzen sloech, en goed ek. „Altyd mar lêze.“ En letter, op de havo, besleat er dat er dichter wurde soe. Hy, Jaap de Jong en Tsjebbe Hettinga, de broer fan syn maat Arjen, mei wa't er letter yn Grins noch in etazje dielde. Se ha it alle trije wiermakke, ek al is Jaap de Jong nei trije bondels opholden. Jacobus gie troch, oant en mei de Gysbert Japicxpriis. „De measten krije him net hin. Der binne mear dichters as prizen.“

Jacobus Q Smink dus, Kobus fan Siemen en Romkje foar de Sonde-

**'Ik wol der ek net oer lekskoaije, hear. Beslist net'**

lers. En dy Q, fan Quiryn? Dy hat Jacobus der sels by socht. „It komt wol út de genealogy“, seit er, „it giet werom op de Slach by Waterloo, dêr't in Jacobus Quiryn Eppinga sneuvelde. En ús mem wie in Eppinga. Dat no is dy namme wer werom yn de famylje.“

Sa. De besite oan Sondel is wer oer. It is sa'n lyts, smûk doarpe, mar it hat him wol mei foarme. „It is mar in doarp. Mar ja, it is wol ús doarp. Ik wol der ek net oer lekskoaije, hear. Beslist net.“